

Provinciale Staten van de Provincie Fryslân
Christenunie, Dhr. M. de Vries
FNP, Dhr. S. Knol
Postbus 20120
8900 HM LEEUWARDEN

Ljouwert, 3 maart 2020

Ferstjoerd, **- 3 MAART 2020**

Ús merkteken : 01738691
Ôfd/Opjefte : Mobiliteit
Opsteld troch : H. Jellema / (058) 292 86 51 of h.jellema@fryslan.frl
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : beântwurding skriftlike fragen oer de N393 en N383 yn Sint Anne

Achte Steateleden,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 41 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 12 febrewaris, beântwurdzje wy as neikomt.

Ynlieding

St. Anne is it grutste plak fan It Bilt en hat in wichtige sintrumfunksje. Omdat midden yn St. Anne de twa provinsjale diken N383 en N393 inoar kruse, komt der in soad ferkear troch it doarp.

By in wurkbesite fan de gemeenterieds- en provinsjale steatenfraksjes fan de ChristenUnie en de FNP waard sprutsen mei ynwenners, ûndernimmers, dosinten en learlingen fan legere en middelbere skoalen yn St. Anne. Sy joegen oan dat sy soargen hawwe oer de ferkearsfeiligens.

Yn it figearjende gemeentlike ferkears- en ferfiersplan út 2009 wurde de knyppunten op it mêd fan de ferkearsfeiligens dúdlik oanjûn, sawol wat de registrearre ûngelokken oangiet as hoe't minsken de feiligens belibje. It docht bliken dat de konkrete krusingen en oerstekken dy't de bewenners oandrage¹ noch krekt deselde binne as dy't beskreaun stean yn it gemeentlike ferkears- en ferfiersplan en ek yn in ferkearsûndersyk fan Veilig Verkeer Nederland út 2016.

¹ Dit binne benammen de krusingen Beuckelaar-Van Harenstraat, de ûnoersichtlike oergong by de Van Harenkerk en de krusing Brandsmalaan-Warmoesstraat-Nassaustraats wêr't in soad skoalbern oerstekke. Fierder die yn in petear mei learlingen fan de Campus Middelsee bliken dat sy foaral de fytsoerstekken (fan fjouwer ferskillende kanten) by it ynkommen fan it doarp en de kombinaasje fan lânbou- en fytsferkear op ien dyk as ûnfeilich ûnderfine.

De oanpak fan de ferkearsfeiligens binnen de beboude kom fan St. Anne is yn earste ynstânsje de ferantwurdlikheid fan de gemeente. Mei omdat it hjir giet om de krusing fan twa provinsjale diken en ek om de oanslutingen op de wegen yn it doarp, freegje wy it kolleezje fan deputearre steaten om har yn te setten om tegearre mei de gemeente Waadhoeke de knyppunten yn St. Anne oan te pakken.

Ferwizings:

1. De Bildtse Post, 'Verkeersveiligheid St.-Anna op de kaart zetten', 18 desimber 2019;
2. Ministerie van Infrastructuur en Waterstaat, Verzamelbrief AO Verkeersveiligheid, 16 desimber 2019;
3. Provinsje Fryslân, Utfieringsprogramma Ferkear en Ferfier 2020, oktober 2019;
4. Provinsje Fryslân, brief 'Ryksbydrage oan feilige ynrjochting fan N-diken', 26 febrewaris 2019;
5. Gemeente Waadhoeke, Kademota 2020-2023, juny 2019;
6. Coalitieakkoord Waadhoeke 2018-2022, 'Nije grinzen, nije kânsen', novimber 2018;
7. Veilig Verkeer Nederland, Verkeersonderzoek St. Annaparochie, 22 novimber 2016;
8. Gemeente Het Bildt, Gemeentelijk Verkeers- en Vervoersplan Het Bildt, 1 septimber 2009.

Fraach 1:

Is it kolleezje bekend mei de ferkearssituaasje yn St. Anne en mei de boppeneamde knyppunten? Is it kolleezje it mei ús iens dat dy in negative wjerlach hat op de leefberens en de regionale sintrumfunksje dy't St. Anne foar de omjouwing hat?

Antwurd fraach 1:

Yn ús rol as weibehearder monitoarje wy de feiligens op de diken dy't yn ús eigen behear binne. Ek al hawwe twa diken yn Sint Anne in N-nûmer; yn de beboude kom is de gemeente de Waadhoeke ferantwurdlik foar it behear en ûnderhâld. It kolleezje is dan ek net yn detail bekend mei de ferkearssituaasje yn de beboude kom fan Sint Anne. En foar sa fier at wy witte, hat de gemeente Waadhoeke (en dêrfoar It Bildt) de ôffrûne fiif jier hjir ek gjin melding fan makke.

Fraach 2:

Is it kolleezje ree en gean it petear mei de gemeente Waadhoeke oan oer hoe't de ferkearssituaasje yn St. Anne ferbettere wurde kin, bygelyks troch it oanpassen fan krusingen, it oanlizzen fan sebrapaden of it ynstellen fan in 30 km/oere-sône? Binne der ferkearstechnyske easken fan de kant fan de provinsje dy't guon fan dy oplossingen minder of mear kânsryk meitsje en wêrom is dat sa?

Antwurd fraach 2:

Sa as yn it antwurd op fraach 1 al oanjûn is, is de gemeente Waadhoeke primêr oan set om de ferkearssitewaasje te ferbetterjen. Fanút ús rol as rezjyfierder oangeande ferkearsfeiligens yn de provinsje wol ús kolleezje grif meitinke oer mooglike maatregels.

Dêrby binne der fanút de provinsje op dit stuit gjin wichtige easken oan de ynrjochting fan diken fan'e gemeente yn de beboude kom. It sprekst foar himsels dat de ynrjochting der net ta liede moat dat it ferkear op de N393 en N383 oare rûtes nimt om de beboude kom fan Sint Anne te -.

Fraach 3:

len fan de twa kategoryen knyppunten dy't benammen de learlingen en dosinten neamden as ûnfeilich, is de kombinaasje fan lânbouferkear en fytsers. It twadde is it feit dat fytsers oerstekke moatte by it begjin fan it doarp, dêr wê't de provinsjale dyk oergiet nei de beboude kom. Wol it kolleezje, yn de mande mei de gemeente Waadhoeke, útsykje hoe't dy knyppunten ferbettere wurde kinne? En oanjaan wat foar maatregels dêrfoar nedich binne?

Antwurd fraach 3:
Sjoch it antwurd op fraach 2.

Fraach 4:

De Minister fan Ynfrastruktuer en Wettersteat jout oan dat ferkearsfeiligens in nasjonale prioriteit is en dat it kabinet 500 miljoen euro frijmakket om by te dragen oan projekten fan mei-oerheden om ferkearsûnfeilige lokaasjes op gemeentlike en provinsjale wegen oan te pakken yn de perioade 2020-2030. It provinsjaal útfieringsprogramma ferkear en ferkear 2020 giet ek yn op it feilich meitsjen fan û.o. fytswegen en krúspunten. Wol it kolleezje him, yn de mande mei de gemeente Waadhoeke, ynsette om by it oplossen fan de knyppunten yn St. Anne gebrûk te meitsjen fan de earmerke nasjonale jilden foar ferkearsfeiligens?

Antwurd fraach 4:

Op dit stuit is noch net dúdlik hoe't it nasjonale jild foar ferkearsfeiligens troch it Ryk ferdiel wurde sil. De provinsje is mei út namme alle Fryske gemeenten oanheakke by de amtlike oerlizen en makket har sterk om sa folle as mooglik Ryksjild foar de ferkearsfeiligens nei Fryslân te heljen. Wannear dúdlik is hokker betingsten it Ryk hat, kin sjoen wurde op hokker wize it jild yn Fryslân ynset wurde kin en wat dat betsjut foar provinsjale en gemeentlike knyppunten. In prêprioriteit foar Sint Anne is dêrby no net oan de oarder.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

R.E. Bouilus - Riemersma, MBA MCM, sekretaris